



**SOEST' FIELE WAT IK FIEL,  
DAN PIPEST WOL OARS**  
(ALS JE VOELT WAT IK VOEL, DAN ZEG JE NIETS MEER)

**Blijspul yn trije bedriuwen**

fan

**EVELIEN EVERS**

**Fryske bewurking**

**Roel Klijnstra**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **ALS JE VOELT WAT IK VOEL, DAN ZEG JE NIETS MEER - SOEST' FIELE WAT IK FIEL, DAN PIIPEST WOL OARS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **EVELIEN EVERS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2016 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid**

## **genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

**JOAST DE VRIES:** *Man. Efter yn de 50, in man mei in gouden hert. Hat in garaazjebedriuw. Draacht yn it earste en twadde bedriuw in overal, it tredde gewoane deistige klean.*

**TINE DE VRIES:** Frou fan Joast. Efter yn de 50, is in tige sosjaal minske, docht in soad foar oaren. Hat ek in eigen gefoel foar humor. Kreas eigentiids klaaid.

**BEPPE DE VRIES:** Mem fan Joast, om en de by 80 jier, wennet der by yn mar hat wol in eigen appartemint. Hat oeral wol wat oer te kleien, hat hieltyd wol in oare krupsje en docht út de hichte tsjin Tine. In steatige dame om te sjen.

**SIBE DE VRIES:** Soan, 30 jier. Wurket by heit yn it bedriuw, mar hat it wurk net útfûn. Wol in snoade jonge, kin de boel goed foar de gek hâlde. Earste bedriuw T- shirt en in âlde spikerbroek. Twadde en tredde bedriuw wurkklean.

**HEIN:** Midden 50. Monteur, wurket al fan syn 14<sup>de</sup> yn de garaazje. Is tige synysk, mar kin tûk út de hoeke komme. Alle bedriuwen wurkklean.

**JANNET:** 28 jier. Twadde monteur, leit goed by de mannen. Alle bedriuwen wurkklean.

**DORA:** Midden 50. Suster fan Joast. Wennet tydlik by harren yn, leit yn skieding, fukke, flapút. Wat suterich klaaid, praat ek in bytsje lomp.

**LYSBET:** 30 jier. Dochter fan Dora, is wat traach yn hâlden en dwaan, makket nuvere en domme opmerkingen, mar dy kinne bytiden ek tige snoad wêze. Bernich klaaid foar har jierren.

**BART:** 40 jier. As fertsjintwurdiger bern oan hûs. Hat it op Jannet fersjoen. Earste en twadde bedriuw ferfeelsum klaaid. It tredde bedriuw in ommekear, modern en opfallend.

**BETTY WILLEMSSEN:** 55 jier. In ferfelende klant, komt geregeldwei mei klachten. Klaait har te jong foar har jierren en te folle make-up. Hat koartlyn op in steatslot in miljoen wûn, besiket safolle mooglik frjemde wurden te brûken, mar sprekt dy net goed út of brûkt se

ferkeard. Docht tige út de hichte. Earste bedriuw yn te koarte tennisklean, sa nedich mei in koarte legging der ûnder. It twadde bedriuw in galajurk, mei best oer de top wêze. It tredde bedriuw, hiel gewoan.

## **DEKOR:**

It hiele stik spilet him of yn de ytkeamer fan de famylje de Vries.

Dizze wurdt ek brûkt as kantine en gearkomst plak.

lenfâldich mar kreas.

Trije doarren en in rût.

Doar lofts: Nei bûten en de garaazje.

Doar rjochts: Nei de hal. Ek tagong nei de sliepkeamers boppe.

Dêr is ek de ferbiningsdoar nei Beppe har appartemint..

Doar efter: Nei de keuken.

It ynterieur bestiet út in ythoeke mei 6 stuollen.

In twasitsbankje.

In kastje foar de kopkes

In fuottebankje.

In kessen.

In telefoan.

Fierder nei eigen ynsjoch.

It earste bedriuw in moarntiid yn juny.

It twadde bedriuw yn de fakânsjetiid yn july, middeis om 14.30 oere

It tredde bedriuw moandeitemoarn ein oktober.

## EARSTE BEDRIUW

### EARSTE TOANIEL

**Joast, Tine, Hein**

*(It is moarns tsjin tsienen, se sitte oan de kofje. Hein efter de krante)*

**JOAST:** Okay, datst myn suster Dora ûnderdak jûn hast no't se yn skieding leit, fyn ik best. Mar se is hjir no sa stadichoan al in heal jier. En om it no mar plan út te sizzen, it is net om de nocht, dat Willem har der út setten hat. Je moatte suver in hillige wêze om it sa lang mei sa'n baarch út te hâlden.

**TINE:** No, dat is wol slim ûnfoech, dat kin ek wol wat skikt wurde.

**JOAST:** No, bigge dan, sa tefreden?

**HEIN:** De reuk is wakker lyk.

**TINE:** Ik koe har al slim op de stoepe stean litte. En dan ek noch mei Lysbet, dat skiep. Do witst sels ek wol wat in toer as it is om wenromte te finen.

**HEIN:** Mei elkoar bliuwt it in bisteboel.

**TINE:** Oerdei is Dora meastentiids nei it wurk en Lysbet nei de sosjale wurkpleats, dat folle lêst hast der net fan.

**JOAST:** Se hat oars wol de hiele jûn it heechste wurd, ik kin net iens hearre hokker waar as wy krije.

**HEIN:** Swier bewolke mei no en dan in tongerslach. *(Se reagearje net)*

**TINE:** Wat makket dy dat út, do sitst ommers dôchs de hiele dei binnendoar.

**HEIN:** *(Teart de krante op)* Ik hie ferwachte, dat Sibe my fanmoarn noch helpe soe mei dy auto fan mefrou Willemsen. It is al tsien oere west en ik ha him noch net fernommen. As hy skielk hjir de boel nochris oer nimme sil, mei hy wol wat flotter wurde.

**JOAST:** Dy jonge hat no ienris in protte sliep nedich.

**HEIN:** Ja, ja. Dat ha ik ek, mar dêr krij ik de kâns net ta. Asto my net nedich hast, dan wit mem thús noch wol in kerweike foar my. Mar ien ding wit ik wol, dy auto moat foar de middei noch ree wêze. Oars krije wy it yn it jern mei frou Willemsen en do witst hoe't se is.

**JOAST:** Ja, dy is net maklik. Mar fan nije wike ôf krije wy it wat makliker. Der hat ien west op dy advertinsje, dy't ik ferline wike set hie. Dy ha ik oannommen, ik seach der wol wat yn.

**HEIN:** Moai, dat liket der op. Hoe âld is dy?

**JOAST:** 28 jier, hat alle diploma's foar twadde monteur en is drok oan it learen mei de papieren foar earste monteur.

**HEIN:** Dat mei ik lije, net sa'n jonge hûn. Want dêr ha je allinne mar drokte fan en dan hâlde je noch gjin tiid oer. Hoe hjit 'er?

**JOAST:** Sy. Hoe hjit sy, Jannet.

**HEIN:** (*Spat oerein*) Wat, in wiif?..... Jannet..... (*Sprekt it út sa't it der stiet, bliuwt dat ek it hiele stik troch dwaan*) Jannet, Jannet.....

Jan Krekt Net, silst bedoele! Nee, dat wol ik net, gjin froulju yn de wurkpleats! Froulju hearre oan de waskmachine of de broeken te striken, dy hearre net op de rêch ûnder in auto lizze te sleuteljen!

**TINE:** Fij, Hein, wat falst my no ôf. Do hast altyd de mûle yn beide hannen en no bist bang foar in frommiske? Ik miende, datsto mei de tiid mei gien wiest.

**HEIN:** Nee, Joast, dêr begjin ik net oan.

**JOAST:** Ik ha har al oannommen, dus do silst it der mei dwaan moatte.

Ik kin net bêst sizze, datsto net mei har gearwurkje wolst, want dat soe diskriminaasje wêze. Wy moatte it mei har besykje. Se hat in proeftiid fan twa moanne. Mocht se dan hielendal net goed foar it wurk wêze, dan kin ik har altyd noch dien jaan.

## TWADDE TOANIEL

### Joast, Tine, Hein, Sibe

**SIBE:** (*komt yn fan lofts, hat in goed sin*) Goemoarn.

**HEIN:** Dat sei ik fanmoarn om healwei sânem ek tsjin de frou.

**SIBE:** Tsjonge, jonge, wat binne wy goed te sprekken.

**TINE:** Wolst kofje, jonge?

**SIBE:** Graach, Mem.

**HEIN:** Do witst grif al, wat my hjir yn de wurkpleats tapart wurdt.

En dat nei fjirtich jier trouwe tsjinst.

**TINE:** (*Jit kofje yn*) Asjebleaft, jonge.

**SIBE:** Tankewol, Mem. Ja, dêr hiest fannacht ek net fan dreame kind, datst de wurkpleats nochris diele meist mei in jongfaam.

**HEIN:** Diele moatte, silst bedoele.

**JOAST:** Kom, Hein, wy moatte mar wer yn de beage. As frou Willemsen aanst komt en har auto is noch net klear, dan wankt de wat.

**TINE:** Wat is dat dôchs hieltyd mei dat minske. Hawwe jimme har sa'n minne auto ferkocht?

**JOAST:** Wolnee, it is in nijenien, der mankearret neat oan. Mar se siket krekt sa lang oant se wat fynt. Sûnt se dat miljoen wûn hat op in steatslot, is der gjin wei mei har te beriden. (*Tsjin Sibe*) En kinsto ek in bytsje opsjitte? (*Mei Hein lofts ôf*)

## TREDDE TOANIEL

**Sibe, Tine**

**SIBE:** Ik kom sa. (*Tsjin Tine*) Is Beppe fanmoarn dizze kant noch op west?

**TINE:** (*Set de smoarge kopkes op in blêd op it kastke*) Nee en dêr ha ik ek gjin ferlet fan. Dat geëamel fan har mei ik mar min oer. It sil in bêst minske wêze, mar dat ivige kleien en krimmenearen fan har..... Dan hat se it hjir en dan hat se it dêr. (*Wiist fan har fuotten nei har holle. Fan rjochts hearre wy gestommel*)

**SIBE:** As je it oer de duvel hawwe.....

**TINE:** Ik helje der wat kofje by. (*Mei blêd mei kopkes ôf*)

## FJIRDE TOANIEL

**Beppe, Sibe**

**BEPPE:** (*Komt yn mei on stok, kleiend en krimmenearyjend*) Fij, fij, fij, it is dôchs wat..... Âld wêze is bêst, mar âld wurde is net alles.

**SIBE:** (*Fleurich, hat de gek wat mei Beppe en nimt har geklei net serieus*) Ja it libben is net altyd lol, je rinne mear ûnder de paraplu as ûnder de parasol.

**BEPPE:** As myn rjochter knibbel my net sa pinige soe it noch wol gean. (*Giet mei in soad gestin sitten*) Toe, jonge, helje my ris in kessen.

**SIBE:** Beppe mei de kwalen dan net foar it stjoeren hawwe, my wol, hear. (*Pakt in kessen*)

**BEPPE:** Ja, stek my de gek mar oan, do witst net heal hoe sear as it wol net docht.

**SIBE:** Ja, Beppe, ik wit wol hoe sear as it net docht.

**BEPPE:** Tine moat sa mar efkes nei de apteek fytse en helje my wat fan dy pesekamollen.

**SIBE:** Ferlinen wike hat se noch in doaske smarties ophelle, doe hienen jo it noch sa slim op de heupen. Is dat no wer oer?

**BEPPE:** Ja, dêr fiel ik suver neat mear fan. Dat komt fansels omdat myn knibbel sa glûpende sear docht. Dat sei ús heit ek altyd, ast'



earne pine hast, moatst dy goed op de tonge bite, dan fielst dat mear as dy oare pine. Toe jonge, bring my efkes dat fuottebankje.

**SIBE:** Dat doch ik der foar it selde jild by. (*Hellet fuottebankje*)

**BEPPE:** Wês mar bliid, datsto it net hast. (*Mei in soad gestin de skonk op it fuottebankje, it kessen yn de hokse*) Fij fij, wat is it wat, dat ik altyd sa'n ferskuorrende pine hawwe moat.

**SIBE:** Wat sjoch ik dêr no by de kast?

**BEPPE:** Wat eamelst no wer?

**SIBE:** (*Hâldt Beppe straal foar de gek*) Ik miende dat ik dêr wat seach, mar.... Ja ik hie wol gelyk, sjoch, Beppe, dêr. In mûs! (*Beppe sa rap as in minske fan har jierren mar kin oerein, ferjit har stok, nei de doar*) Oh nee, ik fersin my, gean mar wer sitten, hear Beppe.

**BEPPE:** (*Lilk*) Do smoarge snotbongel, dat witst dôchs wol, dat ik in swak hert ha?

**SIBE:** Ja, mar jo rjochter skonk is der in ein op foarút gien.

**BEPPE:** (*Giet in stik minder oanstellerich sitten, ek it kessen en it fuottebankje hat se net mear nedich*) Soest better oan it wurk gean kinne. Sa'n jongkeardel, dy't oerdei mar wat yn hûs sit dat hat gjin foech.

**SIBE:** Bepke dôchs, net sa raar tsjin my. Dy't de hiele nacht lein hat, mei moarns dôchs wol efkes rêstich sitte.

## FIIFDE TOANIEL

### Tine, Beppe, Sibe

**TINE:** (*Komt yn mei in termoskanne kofje*) Sa Goemoarn, Mem. En hoe giet it hjoed?

**BEPPE:** (*Sjocht ferneatigjend nei Sibe*) Oh, dat skikt him wol. It hat wol slimmer west. (*Sibe giet nei it rût*)

**TINE:** Dat is it bêste nijs, dat wy de lêste tiid fan jo heard hawwe.

**SIBE:** Dêr komt dat merakel fan Willemsen oan en har auto is noch net klear. Heit betsjut har, dat se hjir mar hinne gean moat. Dan gean ik mar, hjir ha ik gjin sin oan.

**TINE:** In lekkere jonge bisto. Earst bist net foarút te brânnen mar as it der op oan komt, dan naaist út.

**SIBE:** Ja, Mem, min moat witte, hoenear it jins tiid is. In soad wille mei elkoar. (*Laitsjend lofts ôf*)

**TINE:** (*Nei it rût*) Tsjonge, jonge, wat hat se no wer oan. Dat in minske troch in soad jild sa healwiis wurde kin. Sa sjogge jo mar wer, dat jild ek net lokkich makket.

**BEPPE:** Lit jild dan net lokkich meitsje, mar jo fiele jo wol ryk.

## SEISDE TOANIEL

**Tine, Beppe, Betty**

**BETTY:** *(Komt yn. Yn tennisklean, foar har leeftyd fiersten te koart en te opfallend)* Goemoarn, allegearre, alles tige nei't sin? Joast sei, dat ik mar efkes in bakje dwaan moast. Hy hie it noch net oan tiid hân om nei myn bolide te sjen. Der sit in frjemd ratteltsje yn sjoch. Eltse kear as ik mei myn Cabrio in bocht troch gean dan hear ik it. En dat fyn ik heechst irritant.

**BEPPE:** Dan moastst ek net sa allemachtichste hurd jeie. Kinst noch wolris by in beam opknalle en dan witst watst hast. Dyn bolide nei gychem en do sels yn de knûkels en dêr silst dan ek net kreazer fan wurde.

**TINE:** Gean mar sitten , hear Betty, dan sil ik in kopke kofje ynjitte. Mem ek noch kofje?

**BEPPE:** Nee, doch dat mar net. Dêr krij ik altyd sa'n pine mage fan.

**BETTY:** *(Tige drok yn dwaan en litten, hat suver gjin tiid om de kofje op te drinken)* As it dy it selde is, ha ik leaver datst my Bea neamst. Betty harket sa plat en ik wol al wat mear klasse no't ik yn de hegere kringen ta hâld, dat fyn ik tige gewichtich.

**BEPPE:** Dan soe ik wolle, datst' my tenei mar Moeke neamst. Beppe is op't lêst sa ôfwaaid as eltsenien dat seit. Ik wol ek wolris war oars. En do, Tine, hoe wolsto neamd wurde? Sykje mar wat moais út.

**TINE:** Ik bin o sa tefreden mei myn namme.

**BEPPE:** O, krammele, no krij ik ynienen wer sa'n pine yn myn knibbel.....*(Nimt no de oare skonk)* Toe Tine, sko dat fuottebankje hjir ris hinne. Tsjonge jonge, wat in pine, sa'n pine ha ik noch nea hân. *(Tine skoot it fuottebankje oan)*

**BETTY:** Fij, Moeke dôchs. Sil ik oars dokter efkes foar jo skilje? *(Hellet har mobyltsje út de tas)*

**BEPPE:** Lit mar gewurde. Dy keardel komt net as jo him nedich hawwe. Eartiids mei dy âlde Schreuder, ja, dy hoegden jo mar te skiljen en dan wie hy der al. Mar hjoed de dei is it neat wurdich. Nearne tiid foar en sawat alle jûnen en de wykeinen frij. Se kinne troch te telefoan al sjen wat jo skeelt. No, dat wie yn ús tiid al oars.

**TINE:** Doe waard der ek allinne mar skille as der wat slims wie. Net foar wat pine oan ien fan de skammels.

**BETTY:** Witte jo wat, Moeke, ik meitsje der in foto fan en dy mail ik dan nei dokter ta.

**BEPPE:** is it dy yn de plasse slein, Betty? Do kinst mei in telefoan dôchs gjin foto's meitsje.

**BETTY:** Mei dit apparaatsje kin ik noch wol folle mear. Sa as maile, appe, filmje mei gelûd, der sit in radio op, in M.P. euuuh..... euuuh....M.P.4 spiler, spultsjes, kompas, navi.....euuuuh ..... navi..... Tom Tom en ek noch ljocht.

**TINE:** (*Droech*) En gewoan der mei skilje kin ek noch?

**BETTY:** (*Foardat se antwurdzje kin, giet har telefoan oer mei in ferskriklike ringtoan. Se nimt oan en begjint noch oanstelleriger te praten en troch de keamer te drinteljen*) Mei Bea..... Oh Eugany..... nee, nee, moarnier kin ik perfoarst net.....Nee, dan sil ik te squashen mei Annemarie.....Ja, krekt, de boargemastersfrou..... Nee, oaremoarn kin ik ek net, dan ha ik ruterles by Dekema. Hearlik hobbetje op sa' n hoppe..... Wat, do bedoelst Charles? Dy fan de bussinesclub fan Hearrefean?..... Ja, dyselde fan yn de VIP romte by de hynstedagen..... Waaaaat?..... Do bist de wis fan, dat dy smjucht op my hat?..... Mar dy man is amper 40 en mear as tsien jier jonger as ikke..... Oh, dat is modern..... Hoe neamst dat?..... Toy boy..... Goed, goed, ik skilje dy noch wol. Doe! doe!..... Letter!

**TINE:** Ik hear it al. Do hast it noch folle drokker, as in heal jier ferlyn. Doest' noch fjouwer dagen wyks skjinmakkeste yn it soarchsintrum.

**BETTY:** Och bern, hâld op. Ik kin myn ferplichtings amper mear neikomme. Wat kin sa'n steatslot je libben dan feroarje.

**BEPPE:** Ja ja, lotsjen wurdt ferpotsjen, sizze se dan. Mar datst der no op foarút gien bist, dat freegje ik my ôf.

**TINE:** Doe wiest wol folle rêstiger. No hast it amper oan tiid om dyn kofje op te drinken.

**BETTY:** Faaks hast wol gelyk..... (*Giet der by sitten*) Sa lang as de auto net klear is, sil ik dôchs wachtsje moatte.

**BEPPE:** Ik wol net nijsgjirrich wêze, mar wat is einliks in Koyboy?

**TINE:** Fij Mem, hoe kinne jo dat no freegje. Dat is privee.

**BEPPE:** As se wat privee hâlde wol, moat se mei de telefoan nei bûten rinne.

**BETTY:** Dêr hawwe jo in punt, Beppe.

**BEPPE:** Do soest my Moeke neame.

**BETTY:** Okee, Moeke dan. It is ek net koyboy, mar toy boy. En toy dat betsjut boartersguod.

**BEPPE:** En boy dat betsjut jonge, Sa as fan Drachtster Boys. Dus..... Dat betsjut, in jonge, om mei te boartsjen.

**BETTY:** Hiel goed, Moeke.

**TINE:** As it dan mar net oarsom giet, dat dy fint spultsjes mei dy úthellet.

**BEPPE:** Wat is dat einliks foar in keardel, wat docht hy foar de kost?

**BETTY:** (*Krekt wat te flot, as hat se it út de holle leard*).Hy is audiofisueel adviseur.

**TINE:** (*Droech*) En dat kinst samar yn ien kear útsprekke sûnder de tonge te ferkloffen.

**BEPPE:** En witst ek wat hy dan docht?

**BETTY:** Hy euuuh... Hy advisearret op it mêd fan..... Hoe wie it ek al wer.....

Technyske fasiliteiten fan eveneminten..... en kongressen en beurzen.....En euuuh..... Oh ja, bedriuwspresintaasjes.

**TINE:** .....Jaaa, krekt.

**BEPPE:** En wêr wurket hy dan?

**BETTY:** Dat wit ik net krekt. Mar hy hat wol in skandalich hege funksje.

**TINE:** As ik dy wie soe ik dôchs mar ris wat mear ynformaasje oer him ynwinne. Je hearre tsjinwurdich sokke nuvere dingen.

**BETTY:** Charles is in echte gentleman. En ek noch knap.

**BEPPE:** Dat wie Hear Olivier ek.

## SÂNDE TOANIEL

**Tine, Beppe, Betty, Bart**

**BART:** (*Komt fan lofts op*)Is it goed dat ik der efkes yn kom? Joast moat noch neisjen oft wy wol de goede ûnderdielen levere hawwe.

**TINE:** Nim in sit. Kofje?

**BART:** Ja graach.

**TINE:** Wat nuver dat Joast dat docht, dêr giet Hein oars altyd oer.

**BART:** Dy is op dit stuit net oansprekber. Joast sei: Ik ha fan de kofje ôf allinne mar byld, it lûd is útfallen.

**BETTY:** Witst ek, oft myn Cabrio al ôf is?

**BART:** Ik seach Sibe der niiskrekt yn fuort skuorren.

**BETTY:** (*Benaud*) Sibe yn myn Cabriolet?

**BART:** Dy jonge hat jierren oan crossen dien.

**BETTY:** Dêrom krekt.

**TINE:** Hy makket grif in proefrit om te sjen wat der krekt oan skeelt.

**BEPPE:** (*Besiket oandacht te lûken troch oer har knibbel te striken*)

Do silst sa'n djoere auto dôchs wol goed fersekere hawwe?

**BETTY:** Fansels, dy is alrisk fersekere. Mar ik ha oer in heal oere in ôfspraak.

**TINE:** Dan kinst altyd de lien auto noch meinimme.

**BETTY:** (*Spat oerein*) Dy âlde Lada? Gjûn tinken oan! Dêr kin ik my net yn fertoane. Ik moat tennisje tsjin de frou fan de feedokter, dan kin ik net yn sa'n barrel oankomme.

**TINE:** Dêr kinst de wedstriid noch like goed wol om winne.

**BETTY:** Hoe kinst dat no sizze, dan bin ik net repressyf. Ik kin wol merke, datsto nea ûnder notabêlen bist.

**BEPPE:** Wês bliid, datst net sa'n seare knibbel hast as ik, want dan koest hielendal net tennisje.

**BART:** (*Kin Beppe har geklei wol*) It is wat Beppe. Hawwe jo hjoed wer sa'n pine?

**TINE:** My tinkt, it falt wol in slach ta. Ik ha jo der al in hiele tiid net oer heard.

**BEPPE:** Och fanke, hâld op. It is hast net út te stean.

## ACHTSTE TOANIEL

**Tine, Beppe, Betty, Bart, Siebe**

**SIBE:** (*Komt yn fan lofts, in Rivella fleske efter de rêch*) Mefrou Willemsen, ik ha it probleem fûn. (*Jout har de autokaai*)

**BETTY:** En wat mankearre der no oan, jongkeardel?

**SIBE:** Rivella.

**BETTY:** Hoe sa, Rivella?

**SIBE:** (*Set it fleske op tafel*) In bytsje frjemd, mar wol lekker. Rivella.

**BETTY:** Ja, sa kin it wol, hâld dyn freonen foar it lapke.

**SIBE:** Hielendal gjin lapke, dit fleske lei ûnder de stoel. En by eltse bocht rolle it troch de auto. (*Allegearre, útsein Betty, hawwe se wille*)

**BETTY:** No, dan gean ik mar gau, oars kom ik te let foar myn tenniswedstriid. (*ôf*)

## NJOGGENDE TOANIEL.

**Tine, Beppe, Sibe, Bart**

**SIBE:** Krekt Rivella, in bytsje frjemd.

**BART:** Mar wol lekker.

**SIBE:** Kwestje fan smaak.

**BART:** Tsjonge jong, sa kinst de dei wol fol krije.

**SIBE:** Sis dat wol. En dan te betinken dat soks allegearre ûnder de service falt. Mar dit wie wol de lêste kear.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**